

DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baam

ôfstj.:
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

- foarsitter** : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl
- skriuwer** : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com
- ponghâlder** : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**
- alg. adjunkt** : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 102, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl
-.-
- boekeferkeap** : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum
- G. v.d. Leij-Wilbers 035-6213586
Hyacintenlaan 10, 1215 BC Hilversum
- iterij** : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)
-.-
- Eareleden:**
earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk
earelid: H. van Duinen , De Jouwer

Fan de foarsitter

Oer aaisykjen moatte wy it mar net mear ha, want dat is foarby! It doek is fallen no't Deputearre Steaten harren der ek oer útsprutsen ha: aaien sykje en meinimme is ferbean! No gean der stimmen op om it oer trije jier wer ris opnij te besjen, mar ik kin jo no wol sizze dat it aaisykjen ek dan ferbean bliuwt. Ommers, as nei trije jier bliken docht dat de greidefûgelstân fierder efterút buorke is dan bliuwt it ferbean. En as blykt dat it der op foarút gien is en dat it optilt fan 'e greidefûgels, sil men sizze: sjochst wol de efterútgong kaam troch it aaisykjen. Ferbiede dus! Neisoarch mei wol, graach sels! Mar wa docht dy neisoarch en yn hokker krite? Dêr sil noch in hiele protte oer praten en gearkommen wurde moatte. Boppedat sil op dy foarm fan soarch ek wol wer begribbele wurde. Ik freegje my ôf hoelang't de hinne-aaien noch fûgelfrij bliuwe sille 😊. Sa't ik earder al sei, we moatte it der mar net mear oer ha. Ta eintsjebeslút kinne jimme op de siden 12 en 13 fan dizze Tille in priiswinnend ferhaal lêze oer it aaisykjen. Ik woe it jimme net ûnthâlde: foar hjoed-de-dei is it in libjend ferhaal, foar lettere tiden is it in oandwaanlik stikje Fryske skiednis. Under de jierlikse ledegearkomste op 8 jannewaris die bliken dat sa'n lêste side fan 'e Tille mei ynformaas-

je oer oare ferieningen en organisaasjes mar min lêzen wurd. Ik ha doe tasein dy side wat mear buorkundich te meitsjen. Benammen oer de ferwizing nei de webside fan it Frysk Boun om Utens www.fryskbutenfrylan.fr Op dizze webside kinne jo in merakels soad ynformaasje fine. Net allinne oer wat it FboU docht, mar ek oer alle oansletten Fryske krite bûten Fryslân. Jo kinne bygelyks harren kritekrantsjes en kriteblêden lêze mei ynformaasje oer de kritejûnen, reiskes, wederwarichheden, ensfh. Sjoch ek ris op de tige fersoarge webside fan Keatsferiening "Melle Veenstra" www.melleveenstra.nl Op side 8 fan dizze Tille stiet de útnûging ta ús kritejûn op **sneon 20 febrewaris**. Wy binne der yn slagge om in seal mei in poadium te besetten, dêr't wy wer ris in toanielselskip harren stik sjen litte kinne. It sil dus heve yn it restaurant fan Amaris "Zuiderheide" yn Hilversum. De seal is de measten fan jim wol bekend. Wy hawwe dêr ús kritejûnen yn it begjin fan dizze iuw ek holden. Om it net te let te meitsjen wolle wy diskear wol om **healwei achten** (19:30 ûre) begjinne! Ik soe sizze nim famylje, freonen en goekunde mei. Oant dan!

Jan Kooistra

Nijs fan de Boeketafel

Pier. De profesij fan bline Simen.

Willem Schoorstra.

Ferline jier, yn 2015, skreau Willem Schoorstra in boek oer de Arumer heap, in groep opstannelingen ûnder lieding fan Pier Gerlofs Doanja. Pier Gerlofs Doanja is by ús Friezen bekend as Grutte Pier.

Yn 1515 wurd de pleats fan Pier Gerlofs platbrând troch Saksers. Hieltyd is er striid om Fryslân. Binden fjochtsje en rôvje troch Fryslân, Hollân en Gelre. Dêrom kaam Pier Gerlofs yn aksje. Hy foarme yn 1515 de Arumer heap, in groep opstannelingen dy't focht foar de frijheid fan Fryslân. Oant 1520 wie Pier hun grutte oanfierder.


Jo moatte tinke oan in tiid oan it ein fan de midsiuwen, pal foar de 80 jierige oarloch, yn it begjin fan 'e 16e iuw. Karel V neamt him al hear fan Fryslân, mar is noch gjin keizer. It is in skriklike tiid. Gaos hearsket oeral: wredens, fjochteraasjes en dêrneist djippe frommens besiele de minsken. Krekt as no binne gewoane burgers it slachtoffer. It is ien fjochtsjen tusken goed en kwea.

It boek is in histoaryske roman. Hiel knap skreaun. Oan it begjin fan it boek steane de feiten. Dy binne wier. Ek de minsken dy't yn it boek foarkomme hawwe wier bestien. Knap dat de skriuwer der in spannend ferhaal fan makket mei minsken dy't wy begripe en ús oansprekke. Spannend wurdt it boek

troch de heimsinnige profesij fan bline Simen. Dy dûkt iderkear wer op. En dan is er noch Repke de Dwerch, in potsemakker dy't mear wit dan de trochsnee minske.

It ein fan it boek is ûnferwachts. It hat te meitsjen mei it feit dat Pier Gerlofs út 'e tiid rekket.

Troch dit boek leare jo josels better kennen. Ek de mins fan no hat te meitsjen mei it djipste kwea.



Binne jo benijd nei dit boek, wy soenen sizze 'lêst it'. It leit op de boeketafel te keap.

Jellie Conradie & Gesiena van der Leij

Us kritejûn op freed 8 jannewaris 2016

Dit wie de jierlikse stampotjûn: sa om in oere as fiif kamen de earste kriteleden binnen: Nijjierjen mei in lekker hapke en drankje. Jan hie soarge dat der ek echte bearenburch yn it romerke skonken wurde koe. It smakke my yn elk gefal tige! Op alle taffeltsjes stiene skaaltsjes en bakjes mei lyts guod en der waard drok praten. Foaral oer it sêfte waar fansels en ek "hoe wienen de krystdagen". Dêr sil ik straks noch wat oer fertelle... Earst mar fierder oer de jûn.

Om in oer of seis wienen der dik tritich feestgongers yn de romme seal fan de 'Waaier' dy't troch Mieke Kordelaar en Nieck Kok, twa 'Waaier-minskens', om- tsjoend wie ta in ytseal. En dizze beide leave minskens dielden ek it lekkere iten út en skonken de drankjes yn: gjin bontsjes, gjin sinten, elkenien koe ite en drinke nei syn smaak en sin. It wie goed, sa goed sels, dat it al oer achten wie dat Jan ús rôp om in oar sitplak yn te nimmen foar de lede-gearkomste. Wat dêr doe allegearre op tafel kaam, dat sil Alie, ús skriuwer, tink ik wol fertelle. Ik wol allinnich mar sizze dat der oer in pear saken nochal stevich praat is, sa as de sosjale kontakten tusken ús bestjoer en de kriteleden (jierdei, jubilea, ensfh.) en it stadich sakjen fan it tal krite-leden: gean wy troch oant it net mear kin, of slute wy feestlik ôf... siz it mar...

Mar goed, de jûn wie lang. Wy wienen pas om in oere of healwei alven thúshús, myn Gesina mei **trije** ferlottingsprizen! Der is ek in soad praat oer fan alles en noch wat, tige gesellich. It bliuwt spitich

dat der noch al wat kriteleden dy jûns net by wienen.

Ik hie it niis oer it praat oer de krystdagen: no wy hawwe wer wat bysûnders belibbe: wy wienen trije dagen yn Voorburg (De Haach) by ús soan en wat docht men dan útsein lekker ite, drinke, ensf. Us skoan- dochter Kathelijn, in echt Hageneeske, hie in plan. Se wist dat Gesina en ik krektlyn it boek 'Eline Vere' fan de skriuwer Louis Couperus lêzen hienen. Dat boek spilet him ôf yn De Haach. Kathelijn wist dat der op har mobyltsje in programma stie mei in rûnlieding lâns de plakjes fan Eline Vere. Dat ha wy dien: mei de auto der by lâns en oeral útstappe fansels. Wy kamen ek lâns it brúnzen stânbyld: en fan de skriuwer en fan Eline Vere. Dat lêste stiet yn in

plant-soen tichteby it bertehûs fan Kathelijn. "Hier speelde ik altijd" sei sy, "en dan klom ik in Eline Vere" en se hie it noch net sein of se die it wer. "Mama, doe niet zo gek" rôp Trix, ús pake- en beppesizzer. Op de foto stean ik mei Trix by Eline. Wy hawwe wat ôf lake dy middei!

Oant sjen yn 'Zuiderheide' op de 20e



Johan Engwerda

De sosjale media: min Frysk of gjin Frysk

Frysktaligen skrilje gauris tebek foar it brûken fan harren memmetaal op 'e sosjale media. Dat jildt foar de jongerein minder as foar folwoeksenen. Dat docht bliken út ûndersyk fan 'e Fryske Akademy.

Undersykster Lysbeth Jongbloed seit dat benammen âldere brûkers flaterfrij skriuwe wolle. As se de Fryske stavering net goed behearskje, kieze se gauris foar it Hollânsk. Jongelju fiele de beheinde behearsking minder as in drompel: hja skriuwe wol yn it Frysk, mar dan mei in soad flaters deryn.

Bettere Fryske les op skoalle

Frou Jongbloed seit dat alle skoallen yn Fryslân soargje moatte foar goede Fryske lessen. Mei útsûndering fan de trijetalige skoallen, sa'n 12 persint fan it totaal, stribje skoallen meastal net nei in folsleine skriftlike behearsking fan 'e Fryske taal. Dat dat oars moat, is ek it betinken fan it provinsjebestjoer. Deputearre Sietske Poepjes seit dat it gebrûk fan it Frysk op 'e sosjale media normaal wurde moat en gjin útsûndering mear wêze mei.

Sniebaleffekt

Op WhatsApp wurdt it measte Frysk brûkt: hast 80% fan 'e Frysktaligen skriuwt dêr faak of altyd yn it Frysk. Op Facebook en Twitter bart dat folle minder: sa'n trijefearns- part skriuwt dêr mar inkeldris of nea it Frysk. De reden is dat dêr faak in widere rûnte fan minskens meilêst.

Friezen binne dan bang dat guon minskens it Frysk net lêze kinne en kieze foar it Hollânsk. Wol antwurdet in grutte mearderheid fan 'e Frysktalige Friezen (92%) as regel yn it Frysk op Frysktalige berjochtsjes. Frou Jongbloed wiist derop dat ien dy't Frysk brûkt dêrtroch "in sniebaleffekt" ta stân bringt.

In ferslach fan it ûndersyk fan Lysbeth Jongbloed is ferskynd ûnder de namme *Friezen op sosjale media*. It is fergees te krijen op it webstee fan 'e Fryske Akademy.

(út it ûndersyksferslach 'Friezen op sosjale media')



It Frysk falt yn twa talen útinoar

It Frysk yn de Nederlânske provinsje Fryslân is him oan it opdielen. Der is in groep minsken, ek jongelju, dy't fêsthâlde oan goed Frysk dat liket op it Frysk fan eardere generaasjes. Dêrneist is der in groep minsken dy't in nij soarte fan Frysk prate, it Ynterferinsjefrysk. Dy minsken fiele harren yn it Nederlânsk mear thús as yn it Frysk. Friezen dy't wat tusken dy twa groepen yn sitte binne der nuver genôch eins net.

Dat skriuwe taalkundigen Arjen Versloot en Eric Hoekstra yn in artikel op it wittenskiptswebstee Kennislink. Se skriuwe dat der altyd minsken west hawwe dy't min Frysk praten, mar "het punt is echter dat de sprekers van verfrist Hollands in de meerderheid lijken te raken". Trochdat der hieltiten mear sprekkers fan it Ynterferinsjefrysk komme, wurdt it Frysk as selsstannige taal bedrige, sa skriuwe de twa taalkundigen. As it minne Frysk oeral te hearren is, dan "verwordt de taal snel tot een accent: alleen de uitspraak en een klein deel van de woordenschat zijn dan nog authentiek".

It artikel fan Versloot en Hoekstra is op Kennislink (www.kennislink.nl) ferskynd ûnder de titel 'Hoe Fries Hollands wordt'.

Jongelju krije in sterker Frysk aksint

It Frysk ferhollânsket yn wurdskat en grammatika, mar de útspraakferskillen tusken Frysk en Hollânsk wurde just grutter. Jonge Friezen hawwe in sterker Frysk aksint as âldere. Dat docht bliken út ûndersyk fan Amber Nota. Hja wurket as ûndersykster by de UCF, de Fryske universitêre kampus, en sjocht nei de sinsmeldij fan it Frysk.

Frou Nota presintearre har ûntdekking yn desimber op it ôfskiedssymposium foar Frans Zwarts, oant no ta haad fan 'e UCF. Goffe Jensma, heechlearaar Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins, neamde Fryslân by dy gelegenheid in "natuurlijk laboratorium" foar ûndersyk nei meartaligens, lykas it ûndersyk fan Amber Nota. Jensma pleite ek foar mear gearwurking tusken de ynstituten dy't ûndersyk dogge nei de Fryske taal.

út  It Nijs



FRYSK
SELSKIP
frysk
en
rij
HILVERSUM

it bestjoer
nûget jimme út op

Sneon, 20 febrewaris 2016

yn woonzorgcentrum

'Zuiderheide'

Diependaalselaan 337

1215 KG Hilversum

!!! BEGJIN 19:30 OERE !!!

Toanielselskip "De Lytse Komeedzje" út Drachten

spilet dan foar ús

**MâleJan
is werom!**

In blijspul yn fjouwer bedriuwen, skreaun troch Aris Bremer
(yn it Frysk oerset troch Gurbe Dijkstra)

Jan van der Molen komt, nei't er jierren ergens oars wenne hat, werom yn it doarp dêr't er opgroeid is. Elk neamde him doedestiids 'Mâle Jan'. Jan wol in boek skriuwe oer syn heit. Dizze dryste skoalmaster, dy't as bynamme 'Dolle Dries' hie, waard nei in skeel mei de korrupte wethâlder Van Beerenschot (De Bear), ûnskuldich yn de sel set en is dêr ek ferstoarn. Mâle Jan krijt ûnderdak yn it ferboude hinnehok fan Jaap de Brave (Jaap Wichel) en syn frou Els (Goudelske). Yn datselde hinnehok hat Jan syn heit ek taholden yn de wiken foar it proses. Al gau wurdt dúdlik dat der net folle feroare is. De post wurdt, foar dat it besorgere wurdt, earst altyd lêzen en trochferteld troch post-rinder Sijke Potter (Sijke Slik). Minsken yn it doarp fleane elkoar om neat nei de strôt en binne yn kampen ferdield. Mar se binne ek goed yn it tadekken fan eardere aaklike saken sa as dy mei 'Dolle Dries'. Boppe-al is it noch altyd 'De Bear' dy't as wethâlder manipulearret, dominearret en achter de froulju oan sit. Al gau rekket Jan, tsjin syn sin trouwens, fertize yn alderlei konflikten en leafde – affêres. It rint mei 'Mâle Jan' oars ôf as mei syn heit. Sels rint er fêst yn de ûntstiene situaasje en dúkt ûnder as in kluzener.

Fansels steane ús diskes mei Fryske boeken en iterij dizze jûn ek wer klear.

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is, skilje dan even 035-6218626

Tagongspriis: Leden € 10,00
Net-leden € 15,00

Sneon 2 april 2016 yn Seist!

Figi Teater, 20:00 oere

*'In monumint fan in
foarstelling'
Leeuwarder Courant*

Nei oanlieding fan de
suksefolle toernee fan
ferline seizoen dit jier wer:

Feteranen.

In topprestaasje fan de twa
Fryske aktearkanonnen

Freark Smink en

Joop Wittermans.

Humoristyske dialogen en
oandwaanlik spul. Mei in
tekst fan Bouke Oldenhof yn
in regy fan Jos Thie.



*Douwe A. Wybena en Sibbele Flapper treffe elkoar alle jierren
wer by de betinking fan de Twadde Wrâldoarloch. As de mannen
hieltyd mear wrakselje mei har ferline as soldaat yn Ynje, reitsje
sy de kontrole oer harsels stadichwei kwyt. Mar harren post sille
sy nooit ferlitte ...*



Dit meie jo net misse!

Kaarten binne te besetten troch it
foar 1 maart 2016 oermeitsjen fan € 19,50

op banknr. NL75 INGB 0003486499 o.n.f. Selskip Mei Inoar.

Nei dy datum en oan 'e seal kostje de kaarten € 22,50 it stik.

Friezemoeting op Hilgelân

Dit jier sil fan 2 o/m 5 juny foar de njoggentjinde kear de Friezemoeting op Hilgelân holden wurde. Ien kear yn de trije jier is der sa'n kulturele moeting fan Westerlauwerske, East- en Noard-Friezen. Dy wurdt organisearre troch Fryske Rieden fan dy trije gebieten. Der is in nijsgjirrich programma yn 'e maak mei in bûnt ferskaat fan kulturele aktiviteiten. Foar Westerlauwersk Fryslân wurdt it ferfier fan de dielnimmers mei bus en boat en it bemiddeljen fan ûnderdak regele troch de Fryske Rie, fryskerie@gmail.com (skriuwer Anton van der Ploeg, Gealânswei 2, 9216 XX Aldegea, 0512 37 12 53). Dêr kin it programma ek opfrege wurde.

Sjoch ek www.fryskerie.nl en www.interfriesischerrat.de.

--

Utnoeging reiske fan "De Fryslannen"

De reisferiening "De Fryslannen" hat in útnoeging stjoert oan alle kriteren. Dizze útnoeging is foar Friezen en Friezen om utens. De reis fan 2016 is fan sneon 21 oant en mei freed 27 maaie.

De reis giet nei Noard – Dútslân en Denemarken. Der kinne 40 minsken mei en fol is fol. De rest komt op de reservelist. Der wurdt opstapt by garaazje Paulusma yn Drachten, hotel van der Valk yn Drachten en by it stasjon yn Grins.

Reisprogramma:

21 maaie: Oldersum, touslaggerij

22 maaie: Suderlugum, tsjerketsjinst, Neukirchen

23 maaie: Nordorg Denemarken, Danfosmuseum

24 maaie: Nordstrand, jûns feestjûn

25 maaie: Rendsburg, Joadsk museum

26 maaie: Padborg, museum Oldemorstoft, jûns oargelmuzyk

27 maaie: werom nei hús

De kosten foar dizze reis binne 510 euro de persoan.

Wolle jo dielnimme of mear ynformaasje nim dan efkes kontakt op mei *Bonny Poelstra-Dyksma, Ysgumerwei 1a, 8764PS Dedzjum (0515-579133)* of *skilje frou Hoekstra-Talstra 0511-461432*

Easterein wint priis bêste Frysktalige doarpssjoernalistyk 2015

Op de Nijjiersresepse fan de gemeente Littenseradiel hat boargemaster Johanneke Liemburg in priis fan € 250,00 útrikt oan de redaksje fan *It Doarpskrantsje* út Easterein foar de bêste Frysktalige bydrage oan de 'doarpssjoernalistyk' yn 2015. De twadde priis gie nei de *Baarder Kat* út Baard en *De Hiele Toer* fan Jorwert wûn de tredde priis.

Karkommisje

De Karkommisje Frysktalige doarpssjoernalistyk Littenseradiel, dy't alle bydragen besjoen hat, bestie út Djoke Kooijmans út Wommels, Sjoerd Bottema út Weidum en Jan Schotanus út Easterwierrum. Yn totaal waarden 179 stikken ynstjoerd nei de komisje, dy't de swiere taak hie dêr de trije bêste út te sykjen.

Hieltyd mear Fryske stikjes

Sjueryfoarsitter Sjoerd Bottema: "De taname fan it tal Frysktalige bydragen oan ús doarpskranten hat him trochset: yn 2013 wiene der 126, yn 2014 wiene der 161 en fan it jier waarden 179 stikjes by de sjuery ynstjoerd."

Top trije

De kollum 'Dweilstik' út de Jorwerter *De Hiele Toer* krige de tredde priis en de kollum 'Gosse Grypstra, ein fan in tiidrek' út de *Baarder Kat* fertsjinne de twadde priis. Twa kollums: net sa'n wûnder neffens de sjuery, want de kollum is by útstek geskikt foar stylblomkes,

sfeartekening en in persoanlike noat. It winnende stikje 'It earste aai!' út *It Doarpskrantsje* fan Easterein wûn de earste priis. De sjuery fûn it in prachtich en oprjocht stik oer in famke dat mei in bytsje help fan heit it earste ljipaai fan de legere skoalle fynt. Heit kin himsels en syn senuwen amper de baas as syn dochter it aai ynearsten mar net fine kin. Fan heit syn ferslach driipt de spanning ôf, sa seit it sjueryrapport.



It winnende stikje kinne jo lêze op side 12 en 13

It earste aai!

Al dagen meitsje ik my der drok om. Ferdoary, it earste ljipaai fan de legere skoalle is al twa jier lang net fûn. Ek op de jierfergadering is der nei de tiid noch yn lyts petear oer praten. Hoe krije we dochs de jeugd it lân wer yn?

We ha it aldermoaiste stikje lân fan de fûgelwacht 'skonken' oan de bern sadat se der sykje kinne sûnder dat de folwoeksen aaisikers har foar binne. Dit stikje wurdt de Jeugdkrite neamd. Der wie dit jier sels twifel ûnder de 'grutte' aaisikers. De eangst dat it earste aai fan de fûgelwacht troch in bern fan de legere skoalle fûn wurde soe. Soks kin fansels net. Want dat der aaien yn de Jeugdkrite leine dat wie wis. Der waard fûleindich socht om it earste aai fan de fûgelwacht en lang om let fûn Martin Overal it earste aaike (eins twa) fan de fûgelwacht. De ear wie rêden. No de bern noch. No ha we út hûs wei aardich sicht op de Jeugdkrite en sadwaande wisten we dat der net folle flecht op 'e koai wie. Ik, en mei my de measte leden fan de fûgelwacht, hie my der eins al by del lein dat ek dit jier it earste aai fan de legere skoalle net fûn wurde soe. Ek myn eigen bern wiene it lân net yn en fine freondinnen, de tablet en sport belangriker as mei dizze kjeld it fjild yn. Ik moat der wol by sizze dat se beide wol gauris mei te neisoargjen gean, dus it lân is net frjemd foar har.



Mar op in sneintemiddei, it is 29 maart, wie it krekt even droech en besleaten Hedwich en ik om mei Suze (dat is ús op-in-kat-lykjende hûn) de âld dyk om te rinnen. In loopke dat we wol gauris dogge. Al kuijend oer de reed sjoch ik dat yn de Jeugdkrite in hij yn 'e loft is. Hy is warber tusken in tsiental mokken en jout em eins net del. It is dúdlik, dit mantsje hat aaien. Mar wêr? Mei it boppesteande ferhaal yn 'e holle doch ik Hedwich in foarstel, soest do der net ris even om sykje kinne.... "Ja, dat wol ik wol!" is it antwurd. En sa komt it dat heit mei Suze oan de riem by de hikke stean bliuwt en Hedwich it lân yn set. We hiene betocht dat it sa'n bytsje op de tredde eker lizze moast en ik hie Hedwich de boadskip meijûn: "Goed yn de gaten hâlde. It wyfke sit der fêst ergens. Dus ast der hinne rinst, goed sjen wêr't se weikomt!".

En sa rint se de kant op. Om't de greppels goed fol stean, moat se in eintsje omtoffelje. Fansels sjocht heit goed mei en as Hedwich op it ein fan de earste eker is, sjoch ik dat it wyfke stean giet. Se rint rap in eintsje fuort en dan giet se,

nei in leech flechtsje, twa ekers fierderop wer sitten. Ik bin sels it lân dit jier noch net yn west, mar dit is fansels in hûndert prosint kâns! Hedwich sjocht it wyfke ek en rint sa nei de tredde eker wêrnei't se al sykjend de goeie kant út rint. Ik ha it plakje goed op de lins en as se op de goeie hichte is, sil ik de hikke al oer. Mar nee, se rint troch! Hoe kin dit? Der moat wol in broed lizze, dat sjoch je dochs wol lizzen?

In eintsje fierder draait se wer om en rint werom. Ik kin it wol útraze! Mar troch de hurde wyn ferstiet se my dochs net. Ik besykje noch wat oanwizingen te jaan mei myn earmen mar ek dat hat in averjochts effekt. Se rint werom en komt wer op de hichte dêr't de jok wei rûn. En wer rint it mokkeltsje troch. Heit hat it net mear. Se moat de djerre oan de learzens ha. Dat kin net oars. In stikje fierder draait se wer om en rint wer de eker oer. Ik tink, ik moat der mar hinne. Dan wiis ik it oan en dan is it mar net it earste aai fan de skoalle. Dat de hûn fêst makke oan de hikke en just op it momint dat ik der oer sil, sjoch ik dat Hedwich in spronkje makket. Se hat it! In pak fan myn hert. Dus ik der ek hinne. Ik rin de tredde eker ek op en moat earst ek wol fjouwer kear sjen. Ien... it is in ientsje. En it is ferhipe lestich te sjen. Dat is knap! In foto makke wêrby't ik sis, moast der al even nei wize want oars sjogge we it net. En sa dogge we it. Ik ha it idee dat Hedwich noch net hielendal yn de gaten hat dat se de earste is, mar klear dat komt wol. Sa komme we hiel oars thús as dat it de bedoeling wie! En ja, ek it bedrinken fan it earste aai is eat wat je jo bern bybringe moatte. Dus heit in bearenburchje en Hedwich waarme sûkelademolke.

De woansdeis op skoalle komme de foarsitter, de neisoargkoördinator, in fêste frijwilliger en master Hingst yn it lokaal by Hedwich op besite. Se kriget in bosk blommen, de oarkonde en de wikselbeker útrikt troch Jan Rinse. Dan is it earste aai ek echt it earste aai. By dizze nochris de kompliminten oan de fûgelwacht Easterein. Hedwich wie yn de wolken. As dit oare bern net motivearret om it lân yn te gean takom jier, dan witte wy it ek net mear. Master Hingst leart de bern de canon: "Juster hawwe wy it alderearste ljipaa fûn". Krekt sa't er ús dik tritich jier lyn leard hat. En ek dat heart by dy kultuer!

*Juster hawwe wy it alderearste ljipaa fûn!
Yn de mieden leit it nêst no mei in koaike...*
(sjonge yn canon, sa faak as je wolle)

*Troch Gerben en Hedwich Kooistra
(út it priiswinnende 'Doarpskrantsje' fan Easterein)*

Lekker ite mei ...

Mar wer in resept út de Libelle fan maart 1987 tocht ik sa. De beskriuwing is in bytsje datearre liket my ta, mar jimme komme der fêst wol út.

Nei de moarnsbrogge en de kofjetafel, binne wy no ta oan it

Frysk middeisiten

En dan sette wy útein mei it meast gewoane iten dat rillegau te behimmeljien is:

Bôle en Brea

In stikje wite bôle mei bûter bestrike en belizze mei in plak Fryske krûdsjetsiis. Dêrop in mei bûter besmard stikje Frysk roggebrea lizze.

Oan in hearlike, wat nijere fariaasje fan "bôle en brea" kin de boerefaam wat mear tiid besteegje as de ûngetiid yn de simmer en it heakkelfjen yn de hjerst dien binne:

Broadsje "Grutte Pier"

Yngrediïnten

- 4 stikjes Frysk roggebrea
- 1 fris soere apel
- bûter
- 8 daalders Fryske drûge woarst (of boeremetwoarst)
- 4 plakken Fryske krûdsjetsiis
- 2 ytleppels rezinen

De stikjes roggebrea op in bakplaat lizze. De apel skile, boarje en yn 4 plakken snije. De plakken apel yn wat bûter yn de pankoekspanne oan beide siden brún bakke. De plakken op it brea lizze en dêr de Fryske woarst (of metwoarst) op lizze. Ofdekke mei Fryske krûdsjetsiis. De grill foarferwaarmje en de bakplaat der 10 sm ûnderskowe. De tsiis rane litte en justjes kleurje litte. Waarm opdisse, bestruid mei rezinen.



...Aachje

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl

skriuwer : Hendrik Visbeek
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541
e-mail: h.t.visbeek@kpnmail.nl
webside: www.melleveenstra.nl

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr!
webside: www.fryskbutenfryslan.fr!

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"

skriuwer : K. Kuipers 058-2125383
Willem Loadewykstrjitte 115, 8933BL Ljouwert
e-mail: k.kuipers1938@kpnmail.nl

Speciaal adres voor: Gerilde Omnikoeken

DE HAAN'S

BAKKERIJ

De veraste Bakker
in Sneek en
Zij dichtsij

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

Bogerman Sneek
Reunie

**Bogerman Reunie:
Hemdijk 2, 60 jaar!**

Reunie: Hemdijk, 60 jaar!

12 maart 2016

Van 11.00 tot 17.00 uur

Vanwege het 60 jarige bestaan van Bogerman, Hemdijk 2 organiseren wij een reunie voor alle oud-leerlingen en oud personeel die herinneringen hebben aan het Bogerman gebouw op Hemdijk 2!

Opgeven kan via www.bogerman.nl/reunie, via de mail: reunie@bogerman.nl of door te bellen naar 0515 482 482.
Tevens kunt u hier terecht voor meer informatie en uw vragen.

**FRYSK EN FARSK
YN 'E PROVINSJE
EN EINS
TROCH IT HIELE LAN
JO BINNE TE PLAK BIJ
DE HAAN'S BAKKERIJ
YN SNITS
HEECHTEN 15
FUORT BY DE
WETTERPOARTE**